

Fynpeid

Chiasied

Dizze útjefte is mei mooglik makke troch
Provinsje Fryslân

Fynpeid Chiasied

© Bauke Terpstra Utjouwerij Frysk en Frij, St.-Anne, 2026.

Tekst: Bauke terpstra

Omslach en yllustraasjes: Bauke Terpstra

Foarmjouwing: Utjouwerij Frysk en Frij.

Opmaak: Evelien Veenstra, Skeveningen.

Printwurk: CSL Digitaal, Ljouwert.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn in
automatisearre gegevensbestân en/of iepenbier makke troch printsjen,
fotokopy, mikrofilm of op hokker oare wize ek, sûnder foarôfgeande
skriftlike tastimming fan

Utgjouwerij Frysk en Frij, Klaas van Zandbergenstraat 28,
9076 GB ST.-ANNE.

This book may not be reproduced by print, microfilm or any other means,
without written permission from the publisher.

NUR: 306

ISBN: 978 90 8566 070 5

Bauke Terpstra - b.A.ukE

www.frysk-en-frij.nl

Fynpeid

Chiasied

FF

Utjouwerij Frysk en Frij

I

as merktekens

de wille

sy

stutsen hân

bliid op burdaarder lân
dat huvert

ûnder safolle grien

gers

mei roek en mûzefalk
simmerkleed ôflein

ferdwynst

nimmen

dy't him koe

skom

papieren blaudruk iepen
op tafelblêden teard en oars
net útlizzend myn

brike streken op oanfretten
keamersdoarren

himelgrien en heidepears
mei hurde kwast
oerkalke

stietsto hjir yn fel kontrast
en ferliest

bonkerêst en antlitgroede
mei keine wurden
oerlitten

oan kâldwinige wenhichten

dêrst dyn hert yn stielen
kouwe
swart

berchredes
sprekke litst

iis

brekkend hêf smyt wierstringen wyld
op kearmuorre basalt

en betinkt har

it fûl baarnen
optaske swiet fan reade fulva's oermemmen

dy't gong fan harpoenen fiele

yn har liif tusken ribben

op heale dagen dyn moed
dear docht

dat lit ús djipseehoalen kinne
en lamliddigens op ronfelige hûd
mei opsparre moarnsljocht fuortspiele

goatstien ferjitnis yn en gûle

as wiest

krekt
berne

it bern fan mars

oan 'e ein fan seemile lange havenkaai
leit brutsen skip nammeleas

yn 't neaken toarre lânskip
dat longeret en ropt mei iepen skurte

naam te wurden

op plakken

dêr't bisten en goaden elkoars delgean
bestride

yn helferljocht

bestimming bespylje

fan de man dy't fuorre wurdt
oan slinende memme-eagen

litte

fantoompine
sangeret ôfstjitten skonken

soe skubben en fin
yn glêshelder petgatwetter

mei opsetsin oan kobben fuorje
en sizze dat ik te let bin

mei 't brûken skjûn filtere tinzen

as útroppen grafity

nearne net
op wytpleistere muorren krasse

mar soene jilde
as meast brûkte goadetaal

moardzjend
en siedfoarmjend lyk

g od

stieleskuor tongerlûd
galmet resonearret fier
ta myn selskant benei

net oars
as

grutletter tiidsfragmint
yn hoannepoaten read

op gamma túnskermen

ôfstrepe

redendiele lange

goedbedoelde
flokwardfoarsizzingen

foar elk
in segen

ûnder

yn blakstille fiverlûden hear ik foarâlderlike stim
en ferlies mysels rjocht

ta oerlittend bern

dat register-rigen mei pinnestreken grien
sabotearre

wylst koart oanleine rashûnen

fallen oan stikken biten

seachst in skiep op rêchbonke

útdôve

scrimshaw

fiif en in kwart tonge

waget lyk

twa swartferbrânde walfisktosken
soerfrij yn depotladen burgen

sprekke gjin wartaal mear

mar blakstil fiskerslatyn

rimboe

rauwrûch yn tinne lagen
stiest hjir

mids sliepende argyfstikken
yn gotyske pinnestreken

foarâlderskiednis

spielt wijd wetter lâns kielen
as jittik oer strjitstiennen

bio-organismen
ferdwine

bûn fan ûnhuerigen

skôge manifest ûnder heal beferzen
mikroskopeljocht smyt falkûlen en
barrikades op

brâne stoppen yn stiennen hâlders
troch

gravearre útroppen tekenje

ûndergong

fan rjocht núnderjende selskippen dy't
yn ûnderbrutsen petearen ferhellen oer
dissidinten yn mienskiplike útspanningen

útkochte beskavingen en nachtreizgers

ynlieten

arguminten oanfierden fan út saneamde

godskriften

dy't gieler en gieler waarden ferdizene
siden ferlear fan net leauwigen besetten

romte joech
as tûzen talen útskreaune misliedingen

yn swarrend ienmansmodel

myn werklikheid mei wetten ferkwânsele

breinstruktuer

grien útslein

seldsum wurden útreager
dûnset mei ratteljende fiskbonken

syn lêste rite opnij

en laket
ûntelber minne nachten

II

offerdûnsje

bakseil

ivich duorjend rint

los rekke

oerbliuwende wurden foarby

fermingd dyn luzich tinken

mei stiloan driuwen

avesearjend ûnrêst

dat lizzend op brún ruske wurkplatfoarm

as in misdie

dwers

dyn farwei tichtet

earmoedsbonken

as bergen sa djip lûkt rimpen laits
in spoar fan net kinnen net witten

dyn sekuer weistoppe wente

dêrst dûnsest op
swarrend hynderfelledrum

bringt moed ta selskant dyn dream
en dielt ferhaal yn twatûzen parten

dagen omtrint

brekst yn leagens fan har

al dyn libbens

en falst romtegrús ta ierdes skurte

vej

fan 'e castorwei ôf
rint as radiorûs in sneldyk

achtbaans

oer magnetysk ynterstellêr breinpulsgebiet

dyn longerjen en fiadukten foarby

æbelø

do bringst my bylâns galvanisearre trijemeter hege
peilstokbuizen

oer skjîn riden ûnderwetterspoar

hastich nei reservaten ferbanne tinzen
dêr't kajakkers

reade blommen tochten

de wâldrinner

ûntheisterjend afrikanerbloed siedt

rop fan 'e reebok is oeral

sprekt yn riedsels

mar in antwurd

komt net

want hy wit

troch alles hinne

de swalker

waaibeamwegen bylâns wite lekkens

útranners

oer kontinintale wynstreken

dêr't moed yn kruken

toarstige sliepers skodzje

oantrune

wreed oansetten titeldrager

dyn bargekoppefjoer

mei kloften kriichsbern op te lôgjen

en betinke

wêrtsto bleaun bist

wjerskanten

floers swiere gerdinen

hûdzje

twaspjalt sykjende sydspilers
hastich út haadstikken skrap

smite draaiboeken op bulten

fakuüm-ferline
dat sykheljend sûnder tiidrek-
rigels
te lijen hat

fan diel te nimmen langer oan
hermetysk tasletten tafrielen

krûpe meistanners út bedelten

en skriuwe

âlde rekkens
ta ferjitten
fuort

nephilim

yn 't brekpunt fan weagen
sjochst my oan

en hellest

knyft

oer wangen skansearre sels

litst oerwoekerje

myn paden skjin

trape stikels

de moanne leave

lêstendeis kaamst oer

ferruske pontonbrêgen

stikken riden spoargoaatte kearde lofttransporten

ivige reizger net

dy't langút neaken dyn wurden beseach

prate liet

mar de hannel wie dien

dôve

as in fjoertoer ynienen

stiest mei mankene poat njonken it paad

dat der wêze moast

mar net wie

útskot

wite fervelagen ferhurdzje grime yn swarte tinkbylden net

as muorrekleed oer lewant yn jierren net fan plak kaam
sil ek in nij setten hûs dyn gram net sparje

want hoesto de iennichste rjochte balke yn hânsume stikken
seagest en ferklomme liif wer op 'e planken krigest

beharke ik
megafoanroppers

wolven
mei stikkene tosken

de sige

hast neat te sykjen mear dêr
yn fuorthelle misthoarnestêd

amputearre

skonken earms en waanbyld

offere

ta hellebrân myn wite flagge
ferskroeid ûntnaam en swart

as tarre foar skriemende rop

fan de seagull

dy't jammeret oan barrels slein
en net ôfmakke dichtrigels fan

driuwend sân fertinne wurden

fan dy
en warskôget

III

op spegelglêskerrels

moandei

it wreed ôfsetten ferstân
belûkt dyn reewilligens
yn betinklik senario

fan op in klútsje bedarre
tolffingerige ynklauwers

dy't samar
 weiwurde

as yn panyk fuortkrûpende
skriuwdebutanten

har wiete himden los
en brún kealeplasseprúk

fuort

skaden

let yn ûnbewenne oere
knisperet ûntdien fan steurend rûs

dea reid as delstrutsen flues
oer leech litten gettowurken dyn drege bondel-skiften

fansels
net útwurke yn uterste laden it tinken ferhâlde

ta fûgelswarte loftten dy't as in dichtrigel sa
stadichdelkommende
hagelstiennen

myn ferrinnewearre hûd teisterje

mar aldergeloks fernimst ek hjir
kristalhelder fielen yn oermans skaad fan deistich litten

fantom

dê't grouwe wolken sulverhûdfisken
ta oerpake syn net kearden wjukkelet
megawatt-turbine iselkime yn parten

ûnrêst driuwend rize wytgrize tuorren
lyk skuorrende motormeaners dy't
giselje ûndergeande sinne de nacht

as ynkringers myn ferlitten eachweid

binnen

en wurdt gewaar in kloft tongerfûgels
dy't inkeld net in swart skroeide ierde

befret mar fallen ingelehier sammelet
en ynset as ôfbeakening it swalkjend

treliet ta ferrustke wensteeën feroardielet

skaadmjitter

mei blau flueske dutsen lamme-eagen
waard dyn dêr wêzen foar wier holden

net langer yn kontraljocht sifere fuort

as wie'k in spaanskbrún ferkleure gast

dy't ûntbrekkende dna stringen tekene
en foarbygongers ûnbeskoft oangappe

mar no skillet god; sprekt ferheven en
mei dûbele tonge ta him

lit grûnlagen teare

ljocht skine oer panoramasichten
en hynstehierren-snaren sjonge wyld

lofsangen op fertinne waaibeam
praatsjes triuwe en skuorre oan raffels

de reade flagge

op myn hiem heech
oan ikenhouten ra

wapperet grutletter protest

ta in rêst

ritmysk

koarthierrigen op drûchfallend kamp
stoareagje

nachts

yn konstelaasjes útdijend mearkedûns
en lústerje as spierwite wurd-samlers

neaken tusken breinfrettend
swier sêgjende gatten

en slaan hurd

op trommen fierrikkende deademars

rûlette

fielst konsideraasje mei weikrûpte
stienmurden dy't heech-frekwinte
ferdriuwings-meganiken

fernimme

mar joust gjin sjûge wannear't de
foksen bylâns suterige sleatskanten

sibearyske winterguozzefersen

beslûpe

bist ûnmeilydsum

harkest rûnmeallend rigelbiter
dy't tich x frjemde wurden weaget

ynset as lotnûmer

en bid

de rider

dyn stapperspaad oer
bonkehurde klaaigrûn

jout gjin romte foar
twaslachtich swalkjen

ynstee dêrfan fjurrest
flamjende ljochtkûgel

foarby helgrize loft
en gûlst ferbiten ta

suversulver hammere
oerurven ketskeakels

dy't wyldfleis groeden
iepenhelje en stikelige

harsenspûktinkbylden
ta deistich werklikheid

fan driuwend sânplaat
wurdt

fersûpst

yn ljochtskyndei
ta helder nimmenslân

krompoat

rekkenjend op spand tried en wurden ferbean
dreamt kwetsber gebiet him burgen

foar 't hurde ljocht
dat filtere yn swiere teisters en rimpele hân

gjin driuwfermogen biedt

foar krompoat dy't lok ferarbeidet
binnen skûlkelders dea guod as kadavers

mei ûnbetelle rekkens
yn kachelpiipen read

ta flean-jiske brânt

myn hystepôle

swiete mearkes op 'e lústerpeal
ferbine duvelbanners oan kofferbakrâne smokende
mercedes-man

driigt te ferdwinen

rikjend yn dizze dei

oerlanget it dimmen sjen troch ray-ban-glêzen him ûnwis
taasten

dêr't griisburd mei sylplanke ûnder de earm
it toniel ferlit

stoarmwyn tocht op it plak dêr't hingjende wikel wennet
en rossige bern fan klûmjende fiskbiters

de flaggemêst dy't delstoarte tusken kealplôke
dúndoarnbeamkes
oan kant tûgje en lûke út sân

brutsen flessehalsen
lang ferjitten heite-nammen

doarmjend

oer healbeferzen strânopgong
sjochst skûmjend wetter
fuotprinten wiskjen alwer

yn meinimmende kadâns fan
brûskoppen wiet fernimst
útklaaide stinnende hollebiters
ûngemurken ôfdriuwen opnij

ferdwinen troch skier gerdyn
skouderkleed datst meitôgest

bylâns slingerjende sân-kerrels
opjage dún helmgêrs-hichten

en bedelten yn

hoe't teisterjende simmerhjitte
fier yn 't ferjitten efterbliuwt

wannear't

oardeis dyn wjukken net
fierder rikke as tinken dy talit

IV

njirrehûd ôflein

sedimint

mei iishammers en foarâlderlike neils
lizze hagelhurdhouten koffers
djip ûnder wetterpeil

en bergje sinister útsprutsen fûnis

fan neiteam ferjitten omtigers

dy't arguminten rjocht hâlde
en graasje foar eon-âld omskot net kinne

mar bringt my werom
yn nochteren opsteld mearke

dat hjoed op hakblokken leit
en wachtet

oars net

sûnder graasje as tiken sa fêst
draachst neaken en skeind
dyn read fleis

oer weage tsjinstreamend rivier

dêrst útteld op tuorreheech stalt
yn oermaatske fiskehûden
de tolve rûnten slachtersdûns útfierst

generaasjes ferlern oerslachst
en binnenmûlsk dyn telrigen
byhâldst

nachtswel

as brimzen dy geweken nimme

flechtsje

tunnelbuizen piipline yn

turvje dyn stap

en harkje

read hybride beestjes sirkeljend op myn tonge

raw

foar de lins skiere kime
bleatlein lyts diafragma
dikeret kwelderskuorren
skerp útsliten oanmakke

grienhûdige peal

wiist paad
rjochting daamdûkersbuis

sipelt stadich brak swart
tynwetter

skjin
ta mozayk opdrûge grûn

tsjinlûden

skaadzje farsk
nije streken

sel

yn kaften museumstikken op brún kleure hûd stean skrast
ûnder needklokken lieden

manmachtig tal
frije nammen

oant gatten falle yn tûzenjierrige flaggen en myn hân
fêsthâld yn weagjend reid

dêr't ûnbestimd giseljen ûndertoan jout oan grutte
symfoniën

deademansfersen

slependewei

útwenne orgaanliven
ta krematoarium ride

ôfrekken

fjirtjin rûsleaze reinnachten

om ronfelige hûd transparant

oan te heljen

ta reachfine mantel op útsprutsen liif

swier lizzend

mar ymmún

foar neakene geasten

dy't allang

wyt marmeren stiennen *known unto god* krigen ha

swiete beien

lit ús moetsje oan 'e skaadkant
en myn hurde skiif ekstern tûk
oan binnentochgloppe keppelje

dêr't âlde miich en farske galle

myn leafde neibauwe

griene miggen har maitsen lizze
en skerpe toarnbeistrúk iensum

as iennichst blommen draacht

blank

yn griis wapene betonymperium
myn swiere holle foarby skowen

fielt

hearst koekoekman

roppen

trans am

sleespoar troch wyt fan bedauwe gers
ferried dyn warber wêzen

meist konto skriuwe

dit brekken
myn tiid

net werom

hundertfyftich watt skelle jankfodde
skâlet troch bockwurst-bier en only-take-away
pizzaluchten

hongert as swiere saharaloft oer noardatlantyske
havenkaai
dêr't filtersigarettereeck subtyl myn sintúgen narret

reebrune eagen
yn stokfiskfellen
hingjen bliuwe

orgaan

op souderfler ûnder hoannebalken
as spûnzen fermôge

wurdt glêdstrutsen hûd yn lichtens

lykweage

mei bernlik omtoarkjen

yn griis gebiet wjerskanten
ôfladen kontenerskippen

en ôffierd
ta tsjinakseljend swietwetter

dêr't iis en berchtoppen gliidzje

it lek ûnthâld
foar 't gripen

efterlitte

langstme

sykkeljen swier binnen oerbleaun bosk

lit bitend ferlet

suver skodzje yn har groede

V

de oanhelle ûnderlaach

massamanifestaasje

wylst it blau weromlutsen wetter
fermintearre aaien oan mearkoppich sylhûet spikkele
doarpsgek fiedt

(dy't mei snute rjocht bûten syn komfortsône iel stie te
bakken)

*rint myn tinkerij út it spoar en ferklearret foarskreaune werklikheid
my net ûntfanklik foar doldryst kostúmdrama*

hakt hy mei stompe skjirre
deade dichtrigels

read

plastic police

langhier-rôffûgelminskén kamen
sûnder lûd stiene foar de glêzen

mei ledlampen as betocht senario
âljend har ûnmacht dellizzend

foar my

oar

de organismen
misfoarmje dûbbele stringen

lykwicht

op dyn feroarjend antlit
brekt

as sulverwjukken heech

yn glêssplinters delstrieke

in witten

rêstleaze skoattelwyn
jage omfallen tuorren

en tichtmitsle nachten

myn ferwaaide tinzen foarby

mar klettere hânfetten

oer mûzegatlân lyk
myn gaoatyske wytging yn

fiif-diminsjonaal

yn skieppefachten wuolle

leit myn faaie tekens brûkershantlieding
yn tongbrekkend frjemd en blakstille wetters opdien

dêr't ophekkele sloepen
socht wurde

yn spoaren lykstimden

dy't ultratinne sfearsketsen op karbonpapier oerlutsen
en tongerloften

bytochten

de reservist

wis

lûkst serie A transparant
rjocht oer glêdskearde eigen foarholle

meldst dy oan
foar sirkusartystferieniging *united*

en telst

dyn skerpe kûgels

yn 'e mieden

as in fjurrehouten op te tearen gongelstôk
komt flokkend wjerwurd út dyn binnenbûse

bliuwt as raffeldoek yn wetterloften hingjen

steane wite reagers klomjend

dyn stakkato-rigels

op te fiskjen

heit

kurve dûnsjend op netflues grien ferljocht
skoot yn alteraasje bûten skermen foarby

oerlibjen sil mei alve beaufort kâld wêze
yn ôfdroegen jas stutsen meagere bonken

mei keallehier djoer kochte wanten

heinst dyn lêste

yn souderkasten

allegeduerigen ferwaaie kontraletters
yn trochdrukken
blau

mei efterlitten stiif
opsteapele kartonnen

bliuwe ûnderhûdske plannen
betsjuttingleas

mar rûke brún learen hazzewynrikels har proaien
sette sokken en gripe

myn gleonhastich formulearre tinzen

ynswarte labyrinten

der stie gjin wetter

mei kontenerskipkeatling yn swier ûnmooglik djip
sompegrûn
sit dobberboatsje ankere fêst

fernuveret de taskôger

dy't tinkt sjongt en gûlt heilsoldaat-wurkmansferske

wat ik noch sizze woe

op geunstige wyn syl ik rjochting 10 km hingbrêge

drones spotte my
mar ik krûp ûnder sels fongen pels

dy't al lang net mear

gute nacht freunde
it is tiid

lústeret

Earder publisearde yn literêr tydskrift Ensafh:

Fantoom - side 37: Nû 1 / 2025

Doarmjend - side 45: Nû 3 / 2024

Swiete beien - side 55: webside fan Ensafh desimber 2025.

